



## Húswurkynstitút

### Ekstra begelieding mei help fan in húswurkynstitút

Tsjintwurdich binne der yn elke stêd wol in oantal fan te finen: ynstituten foar húswurkbegelieding. Wat dogge dy no krekt en helpt it ek?

Op it RBC Huiswerkinstituut yn Ljouwert sitte op dit stuit sa'n 10 basisskoallearlingen. Faak hawwe bern dy't oanmelden wurde by it húswurkynstitút in efterstân mei lêzen, skriuwen of rekkenjen. Op skoalle soenen se help krije moatte fan in remedial teacher, mar faak is dêr op besunige en de juf of master hat gjin tiid om de bern ekstra te helpen. Oprjochter Rutger Boelsma fertelt: 'Soms geeft een school bij het tienminuten gesprek als tip dat huiswerkbegeleiding misschien wat is. De meeste kinderen die hier komen zitten in groep 4 of 5. Op deze leeftijd hebben kinderen nog geen huiswerk, maar wordt een achterstand wel opgemerkt. Een achterstand kan de leerling in problemen brengen, bijvoorbeeld tijdens de middelbare schoolperiode. Maar het kan iemand ook onzeker maken over zijn eigen kunnen.'

Der liket noch wol in taboe op begelieding te lizzen. Bern skamje harren dat se húswurkbegelieding of ekstra help nedich hawwe en guon bern wurde der ek mei pleage. Mar soms leit it ek wat oars. In mem fertelt: 'Ik heb gekozen voor huiswerkbegeleiding omdat wij merkten dat onze zoon in de bovenbouw van de basisschool achteruit ging met zijn taalvaardigheden. Dit bleek een klassikaal probleem te zijn. De docent bleek de stof niet over te kunnen brengen. Zelf zijn we ook nog bezig geweest om hem wat extra bij te brengen. We merkten dat als je commentaar hebt, dit je vaak niet in dank wordt afgenomen door de school. En dat kan ook invloed hebben op de behandeling van onze zoon.'

### Kennismakingspetear

By de earste ôfspraak wol direkteur Rutger Boelsma earst yn de kunde komme mei de âlders en it bern. 'Wij proberen de leraar hier ook bij te betrekken. De klik tussen de leerling en de leraar vinden we heel belangrijk.' Yn sa'n earste petear wurdt bepraat wêryn it bern mear oefening nedich hat. 'Problemen met rekenen komen het meeste voor maar we zien ook vaak dat kinderen moeite hebben met schrijven.' As it net hielendal dúdlik is wat it nivo fan it bern krekt is, wurdt der in toets ôfnommen.

In mem fertelt: 'Via een speciaal aangepast programma, op maat gemaakt voor ons kind, én de inzet van de leerkracht, bleek al snel wat zijn valkuilen waren.'

Wat no as der âlders komme dy't harren bern in goede CITO útslach helje litte wolle? Dêr wurkje se net oan mei, leit Boelsma út. 'Als er sprake is van prestatiedrang bij de ouders, gaan we daar niet in mee. We komen dat wel eens tegen. Er zijn ouders die als voorwaarde stellen dat hun kind het gymnasium haalt.' Wol wurdt der CITO-begelieding jûn, mar dat is allinnich om de ûnderdielen fan sa'n toets te oefenjen en se wenne te litten oan de fraachstelling of learstof.

De begelieding fan de basisskoallearlingen op it RBC fynt plak op woansdeitemiddei en sneons. Ien bern wurdt troch ien learkrêft begelieden. 'Er is persoonlijke aandacht voor de leerling. Ook als er problemen zijn, signaleren we die snel. Bijvoorbeeld dyslexie (moeite met lezen) en dyscalculie (moeite met cijfers). Vaak weten de ouders niet hoe ze dat moeten herkennen en soms hebben ze het zelf ook, maar zijn ze zich daar niet van bewust.'

### **Boartlik leare**

In mem: 'Onze zoon heeft leuk les gekregen en veel geleerd. Hij vond het helemaal niet erg om bijlessen te volgen. Je zag hem groeien in zijn taal, hij werd minder onzeker. Het gaat nu prima met zijn taalprestaties op school.'

By it RBC besykje sy it learen op in boartlike wize oan te pakken. Rutger Boelsma: 'Wij gebruiken verkapt lesmateriaal. Het gaat om het plezier van het leren. Het belangrijkste is het willen leren. Als dit gebeurt in een prettige sfeer, bloeien leerlingen op.' Dêrom begjinne se altyd mei in kopke tee, in koekje derby en in praatsje. Sa hoopje se dat der in soart thúsgefoel ûntstiet. Ek omdat heit en mem faak net safolle tiid hawwe om te begelieden. 'Er is vaak niemand thuis als het kind thuiskomt. Het samen werken is er dan niet meer bij. Maar er is ook een ander probleem. De methodiek op school verandert geregeld. Ze gebruiken andere uitleg dan de ouders kennen.' Op it RBC wurdt earst it materiaal fan skoalle brûkt. As se der achter komme dat dát net wurket, besykje se it mei oar materiaal. En as de learling it goed docht op in ûnderdiel, wurdt hy beleane mei in spultsje of spulelemint.

Troch: Hille Morel van Mourik